

Jierferslach Fryslân Fûns 2024

Ynlieding

Yn 2024 binne wy úteinset mei donateurs. Op dy wize ferwachtsje wy in mear stabile ynkomstenstream te berikken. Mei de groei fan it oantal donateurs sille wy yn 'e takomst mear betsjutte kinne foar de Fryske taal & kultuer.

Tagelyk hat De Fryske Beweging oanjûn ús net mear te brûken foar rjochtsaken. Se dogge dat, as it nedich is, no ûnder eigen namme. Wy sette dus mear yn op dat wêr't wy de lêste jierren al mei dwaande wiene: it stypjen fan Fryske taal & kultuer projekten. Wy wolle dêr in wichtiger rol yn spylje.

Stipe-oanfragen

50-jierrich jubileum Frysk Bûsboekje

De redaksje fan it Bûsboekje freget stipe oan foar de ekstra kosten fan de jubileum festiviteiten rûnom de útjefte fan dizze spesjale edysje fan it Bûsboekje. De útrikking fan dit spesjale eksimplaar, de ekstra oandacht dy't der foar frege wurdt en de bysûndere útfiering fan it boekje wurde mei mooglik makke troch it Fryslân Fûns

Paula en de weirekke spiegel

Utjouwerij De Rijk freget stipe oan foar it útbringen fan it printeboek fan Marije Sennema en Tijana Lukovic (yllustrator). It boek giet oer it weireitsjen fan in spiegel. Dêrom makket Paula no sûnder spiegel selsportretten. Sennema hat ynspiraasje fûn by de Dútske keunstenaresse Becker, dy't in protte selsportretten skildere.

Lustrumboek Bernlef

Yn 2025 wurdt it lustrumboek ta eare fan 100 jier F.F.J. Bernlef útbrocht. De redaksje, besteande út leden, âld-leden en in earelid hawwe moannen yn it spier west om 100 jier Bernlef yn in beskaat oantal siden fêst te lizzen: in útdaagjende opjefte. Oft it slagge is om al dy Frysksinige

aksjes, moaie ferhalen en freonskippen foar it libben op papier gear te fetsjen wurdt dúdlik by de útrikking fan it boek op de lustrumreüny dy't plakhat op 24 maaie 2025 yn Grins.

Donateurs

Yn `e rin fan 2024 hawwe wy it mooglik makke om foar €35 (as mear) it jier donateur te wurden fan it Fryslân Fûns. Wy krije op dizze wize jierlikse ynkkomsten, en it is publisitêr in dúdliker en makliker ferhaal.

Yn maaie hawwe wy in parseberjocht útstjoerd, ús folder is der foar oanpast en ús folgers binne oanskreaun om donateur te wurden. It doel fan 20 donateurs oan `e ein fan 2024 is krekt net helle.

Oan ús folgers en fansels fan no ôf ek ús donateurs stjoere wy elts jier it jierferslach en de jierrekken. Wy sille it kontakt mei ús donateurs en folgers fierder ynhâld jaan.

Doarpswurk

Nei oanlieding fan in petear mei dhr. Andreae fan Doarpswurk waarden wy útnûge oanwêzich te wêzen op de Fryske Doarpedei, in netwurk-gearkomste foar fertsjintwurdigers fan doarpshûzen en doarpsbelangen. Foar de gelegenheid hiene wy FF bierfiltsjes makke, om fergees te ferpartsjen ûnder de doarpshûzen. It idee wie fia de reklame op it bierfiltsje it Fryslân Fûns ûnder de oandacht te bringen. Spitigernôch gie de Fryske Doarpedei úteinlik net troch. Wy hâlde it kontakt mei Doarpswurk wol waarm.

PR

Bierfiltsjes - tegearre mei Doarpswurk hawwe wy letter noch wol in spesjale aksje opset, om de bierfiltsjes dochs noch yn de doarpshûzen te krijen. Fia de sosjale media fan Doarpswurk is in oprop dien, sadat doarpshûzen de filtsjes oanfreegje koene. Sa mar ek fia it kafee fan Tresoar en it Lustrumfeest fan Bernlef kinne wy dochs in grut part fan de bierfiltsjes kwytrettsje.

Notariaat - om't it Fryslân Fûns iepen stiet foar legaten, perioadike skinkingen en testaminten sjogge wy nei de mooglikheden om ús mear sichtber te meitsjen yn tydskriften dy't sich dwaande hâlde mei it notariaat en meastentiids beskikber binne yn notariskantoaren.

Iepenloftspul Jorwert – wy woene ek graach ús nije folder (mei in oprop donateur te wurden) ferpartsje ûnder de besikers fan it iepenloftspul yn Jorwert. Fanwegen presedintwurking en mooglik rommel op 'e dyk slagge dat net mar wy mochten wol ús banner pleatse by de yn/útgong fan de notaristún yn Jorwert. Fan de earste *try-out* oant en mei de lêste foarstelling.

Sammeljûn – ien fan de ideeën is om in sammeljûn te organisearjen. Je biede in moai programma oan, bygelyks mei in ferneamde sprekker en fersoargje in hapke en in drankje yn oerlis mei de seal. De ynkomsten (tagongskaartsjes) wurde ferrekkene mei de kosten en wat der oerbliuwt is foar it Fûns. Oant no ta hawwe wy noch net in programma opsette kinne wat ús nei it sin is en dêr't wy fan tinke dat it slagje sil. It hâldt ús oandacht.

Finânsjes

Foar de takomst sjogge wy nei de opsje fan automatyske ynkasso fan de donateursbydrage. Dat skeelt foaral in protte wurk. Ek binne der in pear wizigingen dien op de webside, op fersyk fan de Belestingtsjinst, om op dy wize te foldwaan oan de betingsten fan de ANBI-status.

Foar mear ynformaasje oer ús finânsjes ferwize wy nei de jierrekken oer 2024.

Komitee fan Oanrekommandaasje

Nei diskusje en oerlis mei ferskate minsken hawwe wy besletten (noch) net útein te setten mei in komitee fan oanrekommandaasje.

Bestjoersgearnkomsten

Yn 2024 hawwe wy fjouwer bestjoersgearnkomsten hân en wol op 16 febrewaris, 5 april, 7 juny en 8 novimber.

Yn de twadde helte fan 2024 is it oantal gearkomsten beheind west. De Fryske Beweging (DFB) hat oanjûn dat, as it giet om it fieren fan rjochtsaken foar de Fryske saak, se harren net mear sille ferskûlje efter it Fryslân Fûns mar dat se dat as DFB sels dwaan sille. Ien fan de redenen foar it oprjochtsjen fan it Fryslân Fûns wie krekt dat: it fieren fan rjochtsaken, as dat nedich blykt, út namme fan DFB.

Dêrmei ûntstie diskusje oer hoe no fierder. It FF is de lêste jierren al dwaande mei it winnen fan fûnsen en ferdielen oer moaie Fryske taal & kultuerprojekten mar noch op lytse skaal. Wy soene mear ympakt meitsje wolle. De fraach hoe fierder hâldt ús al in skofke dwaande en wy sille der begjin 2025 mei fierder.

Bestjoersleden 2024

Yn de bestjoersgearkomste fan 5 april is Geart Benedictus offisjeel úteinset as foarsitter. Fansels wie der in wurd fan tank foar Reinder Bil dy't as foarsitter ôfskied naam mar op fersyk fan de nije foarsitter algemien bestjoerslid bliuwe sil.

Yn 'e rin fan it jier wie der kontakt mei twa minsken mei de fraach bestjoerslid fan it Fûns te wurden. Ien fan harren hat betanke en mei de oare rinne de kontakten noch troch yn 2025.

It bestjoer oan 'e ein fan 2024:

Geart Benedictus, foarsitter

Hans Kort, skriuwer

Arjen Dijkstra, ponghâlder

Jehannes Elzinga

Reinder Bil

Boalsert, 9 maart 2025

Geart Benedictus

Hans Kort

Foarsitter

Skriuwer